



121231.FFU.jierfersl.

NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2012**Ynlieding**

Fan 't jier hawwe wy op beskieden wize betocht dat de FFU in fearnsieu bestiet (sjoch ek in wiidweidige ynlieding dêroer yn jierferslach oer 2011). Wy hawwe it feit op út jiergearkomste en mei inkelde artikels betocht. It liket der noch lang net op dat wy ophâlde kinne/moatte mei ús krewearjen. Noch altiten is ús doel hein nochte nei net berikt. Botte fleurich wurdt men dêr dus net fan, al wurdt der hjoed-de-dei ien en oar op gong brocht dat fan betsjutting wêze kin foar de takomst. Wy tinke dêrby spesjaal oan de trijetalige skoalle mei in folweardiger plak foar it Frysk. Mar in echt folweardich plak yn it hiele ûnderwiis hat it Frysk noch lang net.

Ien fan de lju dy't tige krewearret foar it trijetalich basisûnderwiis, hawwe wy mei it takennen fan in eare-oarkonde, (ûntwurpen troch ús nij bestjoerslid Geart Tigchelaar) efkes yn it sintsje set op in stúdzjemiddei fan de *seksje Frysk fan Levende Talen*. Hâns de Haan, direkteur fan de trijetalige basisskoalle *De Tsjelke* yn Holwert hat him as earste yn ús jubileumjier krige (sjoch ús webstek foar de oarkonde en de laudatio). As jo ien witte dy't him/har, benammen ek yn syn/har frije tiid, tige foar it Frysk op skoalle ynspant, lit it ús dan witte. Geart hat yn 2012 ek it earste ûntwerp makke foar in nije kaart (rûnstruier), dy't ferspraat wurde kin om leden te winnen.

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan belesting, kinne dat it bêste dwaan troch dat oer te meitsjen op de rekken fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (rekkenûmer 1123454, o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding 'ornearre foar de FFU'). De Ried soarget dan dat it wer op ús *FFU*-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). It ledejild kin oermakke wurde op 2356038, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden.

It tal leden ferminderet alle jierren wat troch ferstjerren, jildkrapte (it is krisistiid) ensfh. En der is amper oanwaaks. Wy hawwe ferlet fan nije leden en jildlike stipe om goed fierder te kinnen. Wy dogge hjirby in berop op al ús leden om der by Frysksinnige freonen en goekunde op oan te stean om ús te stypjen of om lid te wurden foar €10 jiers. It Frysk sit op it stuit yn in faze fan 'bestean of net bestean'. De bedrigings binne libbensgrut. De kommende tiid is it in saak fan derop of derûnder en dan is folweardich Frysktalich ûnderwiis yn *alle* skoaltypen fan krúsjaal belang foar de oerdracht fan it Frysk oan kommende generaasjes. Dat Jimme stipe en mankrêft kinne wy ek yn de takomst skoan brûke. De needsaak ta ferjonging en ferfanging wurdt hieltiten grutter. In nije generaasje sil de striid sa stadichoan fan ús oernimme moatte: stean dus op út soarch en lijen ...

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2012 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder en twadde notulist gearkomsteferslaggen), Thys van der Veen (earste notulist gearkomsteferslaggen), Germ Gerbrandy. Geart Tigchelaar, in sûnt koart ôfstudearre frisist en no learaar Frysk op Stenden (Pabû), hat ús rige wer fersterke, mar Germ Gerbrandy sil it fanwegens syn beneaming ta boargemaster yn Achtkarspelen yn 2013 it mei syn aktiviteiten foar ús efkes op in sêft sin sette moatte. Wy hoopje dat er nei in oanrinperioade de tiid en enerzjy fine sil om wer folslein mei te dwaan yn ús fermidden. It sjocht der boppedat nei út dat Thys van der Veen yn de rin fan 2013 definityf ferfarre sil nei Frankryk.

Yn 2012 kaam it bestjoer 7 kear gear, almeast by Klaske Straatsma te Ljouwert, dy't ús altiten tige let en set. Gearkomstedata: 25 jan., 28 maart, 23 maaie (ek jiergearkomste), 4 july, 10 okt., 26 nov. (te Drachten by Hiemstra) en 17 des. Yn de taakferdieling binnen it bestjoer is net folle feroare. Op 10 maaie binne de jierstikken ferstjoerd (Hiemstra, Knotter).

Njonkenaktiviteiten foar it Frysk en it Frysktalich ûnderwiis

Foar it wurk yn de *FFU* is it fan wêzentlik belang dat wy 'netwurkje' en meidogge oan en yn (gâns) oare Frysksinige organisaasjes en groepen. Oars binne wy net (goed) ynformearre en hawwe wy ek gjin ynfloed yn sokke organisaasjes of op oaren. It binne organisaasjes dy't der ornaris ek belang by hawwe dat de Friezen goed Frysk leare te praten en te skriuwen en dus ús natuerlike freonen binne.

Tom Dykstra wie learaar en is aktyf yn de gemeentepolityk, fertsjintwurdiget de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging* en is foarsitter fan in kommisje fan de Ried dy't him dwaande hâldt mei de *Fryske Reklamepriis*. Hy is ek waarnimmend foarsitter fan de *Stifting Slach by Warns*. Dykstra is foar de *FFU* lid fan it *Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal* (GOOFY), in oerlisorgaan (oprjochte yn 2003) fan Frysksinige organisaasjes dy't better mei-inoar gearwurkje wolle. Hiemstra is dêr syn ferfanger (twadde man) yn. Mei Hiemstra makket Dykstra diel út fan de *Oanfalsgroep* (mei as oare leden: Pier Bergsma, Jaap van der Bij, Renze Valk en Reinier Salverda) dy't mei-inoar it *Oanfalsplan Frysk* (2008) skreaun hawwe, dat wer laat hat ta in symposium fan de provinsje yn 2008 oer taalbelied. De groep hâldt sa út en troch noch ferfolchgearkomsten (lykas op 7 febr. 2012) om him te berieden op nije aksjes. Dykstra skriuwt as *FFU*-foarsitter geregeld artikels oer it Frysktalich ûnderwiis yn *Swingel*, it tydskrift fan de *Bewegingsried* en út en troch ek yn *Lyts Frisia*, it blêd fan de *Jongfryske Mienskip*.

Sytze T. Hiemstra wie learaar en yn 2012 ek noch Afûk-lesjouwer (*Fryske skiednis*). Ein 2007 is Hiemstra foar de *Fryske Rie*, dêr't er bestjoerslid fan is, yn de *Ried fan de Fryske Beweging* beneamd nei't de *Fryske Rie* him yn 2007 oansletten hie by de *Ried fan de Fryske Beweging*. Hiemstra sit al jierren yn de wurkgroep *Logopedy en Frysk* fan de *Fryske Akademy*, dy't neigiet hokfoar Frysktalich logopedysk testmateriaal oft der ûntwikkele wurde moat en dêrta inisjativen nimt. Dy wurkgroep hat altiten funksjonearre as provinsjale wurkgroep, mar is ein 2008 oergongen nei de *Fryske Akademy*, omdat de Provinsje, sûnder dêr in reden foar te jaan, de kommisje ynienen opdoekt hat en de leden dochs in taak seagen op it mêd fan it ûntwikkelje litten fan testen en toetsen. De wurkgroep *Logopedy en Frysk* hat twa kear gear west.

Der binne ûnderwilens al aardich wat Frysktalige logopedyske ynstruminten ûntwikkele foar bern en grutte minsken en der is noch it ien en oar ûnderweis. Hiemstra hat yn 2010 mei Edwin Klinkenberg, metodolooch fan de *Fryske Akademy*, in wurkgroep *Fryske toetsen* oprjochte (in tinktenk mei as oare leden: Hester Deelstra, Sicco de Jong, Reitze Jonkman, Jan Oudeboon en Alex Riemersma), dy't û.o. neitinkt oer winsklike *Fryske toetsingsmiddels* foar it reguliere ûnderwiis (folch- en eintoetsen). De wurkgroep hat ein 2012 wer in kear byinoar west.

Hiemstra is al jierrenlang bestjoerslid fan de *seksje Frysk* fan *Levende Talen* (4 bestjoersgearkomsten) en sit de lêste jierren ek yn it (lanlike) *VLLT*-haadbestjoer (7 gearkomsten). Hy makket sûnt 2007 diel út fan de *Nederlânske Kommisje* fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (*EBLT*; 2 gearkomsten) as fertsjintwurdiger fan de *seksje Frysk* fan *Levende Talen* (*VLLT*). Hy stelt dêr de *Fryske ûnderwiisproblematyk* en de meartaligens geregeld oan de oarder. Hiemstra sit foar de *Fryske Rie* (4 reguliere bestjoersgearkomsten) yn de *RfdFB*, hat in sit yn de redaksjerie fan *Swingel* (foar de *FFU* en de *Fryske Rie*) en skriuwt dêr út en troch artikels yn, û.o. as skriuwer fan de *FFU*. Hiemstra hat sûnt 2010 in fêste rubryk oer 'Us eigen taal' yn *Lyts Frisia* (fan de *Jongfryske Mienskip*) en komt dêryn (ek) geregeld op it wurk fan de *FFU*.

Us *FFU*-skathâlder Ed Knotter wie learaar (Frysk en wiskunde) en is Afûk-lesjouwer, wurket mei oan it skriuwen fan *Taalbaas* yn de *Ljouwerter Krante* (lêste ôflevering 25 sept. 2012, doe is de *LC* dermei opholden!) en op www.taalbaas.nl, sit yn de *seksje Frysk* fan *Levende Talen* (skathâlder) en fertsjintwurdiget dy seksje yn de *RfdFB*. Hy sit yn de redaksjerie fan *Swingel* foar de *seksje Frysk* (*LT*). Hy skriuwt sa út en troch artikels oer it Frysk (*Swingel*, *Lyts Frisia*).

Germ Gerbrandy wie learaar en is benammen aktyf yn de gemeentepolityk. Hy fertsjintwurdiget ús yn 2012 noch yn de *Nederlânske Kommisje* fan it *EBLT* (it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*), mar hat dy taak ein 2012 oerdroegen oan Thys van der Veen om't Gerbrandy boargemaster wurden is. Gerbrandy hie yn 2012 ek noch in sit yn de *Politike Kommisje* fan de *RfdFB*.

Thys van de Veen wie ûnderwizer oan in basisskoalle en is frisist. Hy wurket yn dieltiid noch by *Tresoar*, mar dêr komt yn de earste helte fan 2013 in ein oan. Dan ferhuzet er mei syn frou nei Frankryk. Thys makket de oantekens fan ús gearkomsten.

Geart Tigchelaar is ôfstudearre frisist oan de Ryksuniversiteit fan Grins en wurket as dosint Frysk oan de Pabû fan de Stenden Hegeskoalle te Ljouwert. Fierders docht er in dieltiidopleiding dosint Nederlânsk oan de NHL. Geart makket diel út fan de *Nederlânske Kommisje* fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)* as fertsjintwurdiger fan Stenden.

B. Jiergearkomste

Op woansdei 23 maaie 2012 hat de *FFU* syn jiergearkomste by Klaske Straatsma thús belein. It ferslach is (ek) oan te klikken op ús webstek by 'ferslaggen bestjoersgearkomsten'.

It ferslach fan de jiergearkomste fan 25 maaie 2011 wurdt sûnder ynhâldlike opmerkings goedkard, mei tank oan de skriuwer(s). Hiemstra hat in ynlidinkje holden oer de nije Frysktalige *Citotoets begripend lêzen* foar groep 8, dy't yn 2012 ferskynd is en Tom Dykstra oer it 'Convenant Friese taal in het onderwijs'. Geart Tigchelaar is offisjeel beneamd ta bestjoerslid, nei't er al in skoftke offisjeus meidraaid hie. Dêr binne wy wiis mei. Sokken mar mear.

De kaskommisje (Wopke Speerstra en Koop Scholten) hat de boeken kontrolearre en ynoarder befûn. Mei tank wurdt ús ponghâlder Ed knotter troch de gearkomste ûntlêstge. Njonken Koop Scholten sil noch in oarenien frege wurde foar de nije kaskommisje.

C. Kontakten

*Oan te klikken op ús webstek

1. Organisaasjes en persoanen

- *24-01-2012 (Dykstra, Hiemstra): sitting *Committee of Experts* fan de Ried fan Europa; ynbring FFU foar de 4de rapportaazje, Provinsjehûs, Ljouwert;
- 24-01-2012 (Hiemstra); *Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)*, Afûk, Ljouwert;
- 07-02-2012 (Dykstra, Hiemstra): gearkomste *Oanfalsgroep*, FA, Ljouwert;
- 15-03-2012 (Dykstra): Miene gearkomste *Ried fan de Fryske Beweging*, Keetwâltsje, Ljouwert;
- 11-04-2012 (Hiemstra): wurkgroep *Logopedy en Frysk*, FA, Ljouwert;
- 05-05-2012 (Dykstra): Greide-oerlis *Ried fan de Fryske Beweging*, De Grote Wielen, Ljouwert;
- 16-05-2012 (Hiemstra): *Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)*, Huus van de Taol, Beilen;
- 08-06-2012 (Dykstra): protestaksje te Grins om in folweardige stúdzje Frysk op de RuG te behâlden;
- 05-07-2012 (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra): ynformaasje gearkomste oer de nije yntegrale beliedsnoata kultuer, taal en ûnderwiis ('Grinzen oer'), Provinsjehûs, Ljouwert;
- 20-09-2012 (Hiemstra): *Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)*, SONT, Provinsjehûs, Swol;
- 02-10-2012 (Hiemstra), wurkgroep *Logopedy en Frysk*, FA, Ljouwert;
- 19-10-2012, Th. Dykstra (FFU) en G. Krol-Benedictus (RfdFB) biede de nasjonale ombudsman in petysje oan oer it net neikommen fan de ferplichtings dy't it Ryk hat oangeande de Fryske taal, Harns;
- 09-11-2012 (Hiemstra): wurkgroep *Fryske toetsen*, FA, Ljouwert;
- 22-11-2012 (Dykstra): Miene gearkomste *Ried fan de Fryske Beweging*, Keetwâltsje, Ljouwert.

2. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- 09-02-2012 (Dykstra, Hiemstra, Knotter): ynauguraasje dr. Alex Riemersma as lektor *Frysk en Meertaligens yn Underwiis en Opfieding*, NHL, Ljouwert;
- 09/10-2012 (Hiemstra), Mercator, 'Expert Seminar on Early Language Learning', FA, Ljouwert;
- 23-03-2012 (Hiemstra): EFA-kongres, WTC, Ljouwert;
- 10-04-2012 (Hiemstra): presintaasje Frysktalige Cito-toets *Begripend lêzen* foar groep 8; Provinsjehûs, Ljouwert;
- 26-09-2012 (Hiemstra, Gerbrandy): Mercator, symposium 'Fryslân Connected', Fries Museum, Ljouwert;
- 02-11-2013 (Hiemstra, Knotter): lanlike stúdzjedei (LSD) fan *Levende Talen (VLLT)*, Utert;
- 08-11-2012 (Dykstra, Hiemstra, Knotter): stúdzjemiddei fan de *seksje Frysk* fan de VLLT 'Fierder mei Frysk 9', Drachten;
- 14-11-2012 (Dykstra, Hiemstra, Knotter): British Council en Mercator, symposium 'Meertaligheid in Onderwijs en Bedrijfsleven, van magere monocultuur naar rijke diversiteit', Utert.

D. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📧) de FFU.
Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek.

Utgien:***08-11-2012 🇳🇱FFU: útrikking FFU-eare-oarkonde oan Hans de Haan fan Holwert**

De FFU bestiet yn 2012 fiifentweintich jier en hat op de achtste fan 'e slachtmoanne 2012 syn *earste* eare-oarkonde útrikt oan Hans de Haan fan Holwert. Soks op grûn fan De Haan syn bysûndere fertsjinsten foar it ûnderwiis yn it Frysk (benammen foar syn krewearjen foar de *Trijetalige Skoalle*).

***06-06-2012 🇳🇱EBLT: brief oan de Minister en de Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken oer it Leechsaksysk yn it Europeesk Hânfêst en de wet 'Gebruik Friese taal'**

In brief fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), dêr't de FFU en de *seksje Frysk fan Levende Talen* (VLLT) diel fan útmeitsje, oan minister Spies fan Ynlânske saken en Keninkryksrelaasjes en oan de Fêste Keamerkommisje foar Ynlânske Saken, dêr't yn oantrune wurdt om faasje te meitsjen mei (1) de 'Wet gebruik Friese taal' en om (2) it Leechsaksysk op te nimmen yn Diel III fan it Europeesk Hânfêst.

***05-06-2012 🇳🇱FFU: brieven oan OCW en de RuG oer de bedrige posysje fan de oplieding Fryske Taal en Kultuer te Grins**

Twa FFU-brieven (d.d. 05-06-2012) oer de bedrige posysje fan de oplieding *Fryske Taal en Kultuer* oan de Ryksuniversiteit fan Grins. Ien brief is nei de steatssekretaris fan UKenW/OCenW (drs. Halbe Zijlstra) ferstjoerd en it oare oan prof. dr. S. Poppema fan de RuG.

***18-05-2012 🇳🇱FFU: twadde FFU-brief oan Deputearre Steaten oangeande it útbliuwen fan in andert op ús eardere FFU-brieven fan 22-12-2011 en 05-03-2012**

Omdat de FFU twadde helte maaie 2012 noch gjin ûntfangstbefêstiging en/of ynhâldlike reaksje krige hie fan Deputearre Steaten fan Fryslân op syn brieven fan 22-12-2011 en 05-03-2012 hawwe wy ús jitrts ta *Deputearre Steaten* (DS) rjochte en no ek wer ta Provinsjale Steaten om de saak fan de Frysktalige plaknammen yn Súdwest-Fryslân en oare gemeenten oan te fiterjen. Moatte wy konkludearje dat de provinsje de kwestje op 'e ronge slepe lit?

***05-03-2012 🇳🇱FFU: brief oan Deputearre Steaten oangeande it útbliuwen fan in andert op ús FFU-brief fan 22-12-2011**

Omdat de FFU begjin maart 2012 noch gjin ûntfangstbefêstiging of ynhâldlike reaksje krige hie op syn brief fan 22-12-2011 (sjoch ús webstek by 2011) hawwe wy ús op 'en nij ta Deputearre Steaten (DS) rjochte en Provinsjale Steaten in ôfskrift takomme litten. De saak driuwt neffens ús.

***24-01-2012 🇳🇱FFU: bydrage foar de harksitting fan it Committee of Experts fan de Ried fan Europa oangeande de ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst**

In (almeast Ingelsktalige) bydrage fan de FFU. Taljochting: yn 1996 hat Nederlân it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* ratifisearre. Nederlân hat út diel III fan it Hânfêst 48 ferdrachsferplichtings ûndertekene foar it beskermjen en it befoarderjen fan it Frysk. Yn septimber 2011 hat de ryksoerheid syn *fjirde* rapportaasje oan de *Rie fan Europa* oanbean. Dêryn wurde de maatregels beskreaun dy't de ryksoerheid nommen hat oangeande de Fryske taal en kultuer. Dy sjitte neffens ús slim tekoart. In *ynternasjonale kommisje fan saakkundigen* (Committee of Experts [CoE]) fan de *Ried fan Europa* bestudearret dat (fjirde) rapport. De beoardieling troch dy kommisje kin - lykas by de earste trije rapportaazjes it gefal wie - liede ta oanbefellings fan de *Ried fan Europa* oan Nederlân. Foar it tarieden fan dat oardiel hat de kommisje fan saakkundigen op 24 jannewaris 2012 in harksitting op it Provinsjehûs yn Ljouwert organisearre en dêr praat mei ynstellings dy't har dwaande hâlde mei it Frysk. Ek mei de FFU.

Ynkommen:***09-11-2012 🇳🇱Nasjonale ombudsman: brief oan FFU oer ferplichtings Ryk oangeande Fryske taal**

Reaksje (brief) fan de 'Nationale ombudsman', dr. A.F.M. Brenninkmeijer, oan de FFU oer it net of net foldwaande neikommen fan ferplichtings dy't it Ryk hat om it Frysk yn ûnderskate domeinen te hoedzjen en noedzjen. De FFU hie op 19 oktober 2012 by de besite fan de ombudsman oan Fryslân syn help ynroppen om it Ryk op syn ferantwurdlikens oan te sprekken en klachten te behanneljen.

***23-05-2012 🇳🇱RuG: brief fan prof. dr. S. Poppema oer de posysje fan it Frysk oan de RuG**

Reaksje (brief) fan prof. dr. S. Poppema, foarsitter fan it Kolleezje fan Bestjoer fan de Ryksuniversiteit Grins, op ús FFU-brief (sjoch by 'útgien 2012') oer de bedrige posysje fan de oplieding Fryske Taal en Kultuer oan syn universiteit.

***23-05-2012 🇳🇱FNP: mûnlige fragen FNP oan DS oer trije FFU-brieven dêr't gjin andert op kommen is**

De FNP (Annigje Toering) hat op 23-05-2012 fiif mûnlinge fragen steld oan deputearre Jannewietske de Vries oer ús trije brieven oangeande in steatsrjochtlik ûndersyk nei Frysktalige plaknammen yn gemeenten. De trije FFU-brieven binne oan te klikken (sjoch by *Utgien 2012*: 05-03-2012 en 18-05-2012).

***22-05-2012 DS: brief Deputearre Steaten oan FFU oer in steatsrjochtlik ûndersyk nei Fryske plaknammen yn Súdwest-Fryslân**

Op 1 juny 2012 hat de FFU lang om let dochs noch in tige ûnbefredigjend en teloarstellend brief (datearre op 22-05-2012) krige fan DS oer de kwestje fan in steatsrjochtlik ûndersyk nei Fryske plaknammen yn Súdwest-Fryslân (sjoch ek by: 18-05-2012 FFU: **twadde FFU-brief oan Deputearre Steaten oangeande út útbliuwen fan in andert op ús eardere FFU-brieven fan 22-12-2011 en 05-03-2012**). In toetsing oan it steatsrjocht achten en achtsje wy needsaaklik, benammen ek mei it each op Frysktalige plaknammen yn takomstige weryndielingsgemeenten.

***12-01-2012 Steatekomitee Frysk: reaksje op FFU-brief oan Deputearre Steaten oer de plaknammejouwing yn Súdwest-Fryslân**

Reaksje fan it *Steatekomitee Frysk* fan Provinsjale Steaten fan Fryslân op in FFU-brief oan Deputearre Steaten (d.d. 22-12-2011) fan Fryslân oer it nê útferien fan it plaknammebeslút fan de eardere gemeente Wymbritseradiel. In steatsrjochtlik ûndersyk blykt neffens de FFU needsaaklik te wêzen om útfiering dêrfan dochs of te twingen. It FFU-brief stipet mei dizze aksje in brief fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (d.d. 7-12-2011; sjoch dêrfoar ek by 'ynkommen 2011') oan DS oer deselde kwestje.

E. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek: www.ffu-frl.eu. In stikmannich artikels fan FFU-bestjoersleden oer FFU-aktiviteiten, dy't publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind.

Swingel

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/Mear_oer_de_Fryske_Beweging/Swingel.
- *nû, 33, maart 2012 (s. 11-13; webstek 'Poadium') in artikel fan Tom Dykstra mei as titel '*Kanttekenings by it Tomke-sympoasium*', mei opmerkings oer de Tomke-sympoasia fan 23 septimber en 2 novimber 2011.

Lyts Frisia

Ek te finen op ús webstek by 'Publikaasjes'.

- *jrg. LX1, nû. 3, sept. 2012 (s. 35-40), in artikel fan Sytze T. Hiemstra oer '*De trijetalige skoalle en yntegraliteit*' ('Us eigen taal [10]'). Hiemstra ornearret dat in folweardich plak fan it Frysk yn *alle* skoaltypen yn Fryslân op trije ferskillende organisaasjenivo's yn binende en ferplichtsjende wet- en regeljouwing fêstlein wurde moat (*fertikale yntegraliteit*). Der moatte boppedat nije learmiddels ûntwikkele wurde dêr't it Frysk, Ingelsk en Hollânsk ek *systematysk* yn mei-inoar ferlike en in inoar belutsen wurde kinne (*horizontale yntegraliteit*). Tom Dykstra skriuwt yn itselde LF-nûmer in stik oer '*De Feriening Frysk Underwiis (FFU) bestiet in fearnsieu! Dogge wy derta?*' (s. 41-43).
- *jrg. LXI, nû. 2, maart 2012 (s. 23-28): In artikel fan Sytze T. Hiemstra ûnder de kop '*It Frysk is yn De Haach net yn goede hannen en sil dat ek nea wêze*'. Hiemstra jout oan dat der yn De Haach al hiel lang foar it Frysk yn it ûnderwiis net folle te beskreppe falt, wylst it tige needsaaklik is om op basis fan lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk oan it Hollânsk hiel wat ûnderwiiswetten oan te passen.

Leeuwarder Courant

- *13-07-2012 (webstek: Poadium): Kollum fan Pieter de Groot (DWERS, 13-07-2012, 'freed', s. 4) ûnder de kop '*In drip wetter ...*' oer hoe sleau oft oerheden mei it Frysk omgeane. En oer de striid dy't yn Fryslân sels noch wûn wurde moat. Learaars en âlden moatte noch in mentale omslach meitsje. De goed fjirtich trijetalige skoallen dy't der hjoed-de-dei binne, foarmje *in drip wetter* op in gleone stien. De Groot hellet in artikel fan FFU-skriuwer Sytze T. Hiemstra yn *Lyts Frisia* (nû. 2, 2012) oan: "Yn *Lyts Frisia*, it orgaan fan de *Jongfryske Mienskip*, stiet in kop om goed yn 'e earen te knoopen: 'It Frysk is yn De Haach net yn goede hannen en sil dat ek nea wêze.'" (sjoch ek ús webstek by 'Publikaasjes, 2012).
- *22-06-2012 (webstek: Aktueel) '*Maak haast met Fries*', (LC, 22-06-2012, s. 11); oprop fan 21 Fryske en Leechsaksyske organisaasjes (û.o. de FFU) dy't oansletten binne by it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), oan kabinet en ministers om faasje te meitsjen mei de wet dy't it brûken fan it Frysk yn Nederlân offisjeel regelet.
- *09-06-2012 (webstek: Aktueel): Under de kop '*Groningers niet stieken*', skriuwt de LC (s. 13) ûnder mear: "Het verlagen van de formatie en het onderbrengen van de studie Fries aan de RuG in een bredere opleiding druist in tegen

alle afspraken, stelt ‘skriuwer’ Sytze Hiemstra van de *Feriening Frysk Underwiis* in brieven aan staatssecretaris Halbe Zijlstra en bestuursvoorzitter Sibrand Poppema van de Rijksuniversiteit Groningen. Hij roept de bestuursvoorzitter op zich voor of tegen een aparte studie uit te spreken.” (sjoch beide FFU-brieven by ‘Aktiviteiten & Brieven 2012’: *Utgien*)

- *19-05-2012 (webstek: Aktueel): Under de kop ‘*Spanning rond ferfriesing gemeenten. Discussie over Friese plaatsnamen alsmaar uitgesteld*’, skriuwt de LC (A-LC.nl) û.o.: “Leeuwarden, Súdwest-Fryslân en Leeuwarden koersen af op pittige discussies over verfriesing van plaats- en gemeentenamen.” De *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) en de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (TWF) litte fan har hearre en trune Deputearre Steaten oan ta aksje (sjoch ek by ‘Aktiviteiten & Brieven 2012’: *Utgien*).
- *18-05-2012 (webstek: Aktueel): Under de kop ‘*Grote zorgen Friestalige plaatsnamen*’, skriuwt de LC (www.LC.nl) û.o.: “De *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) maakt zich heel grote zorgen over de verfriesing van plaatsnamen in herindelingsgemeenten. Dit schrijft de FFU voor de derde keer aan Gedeputeerde en Provinciale Staten. De vereniging is bezorgd omdat de nieuwe gemeente Súdwest-Fryslân het besluit tot Friestalige plaatsnamen in de voormalige gemeente Wymbritseradiel aan de kant schoof.”

Oare media

- **It Nijs* (RfdFB; 20-03-2012), Sytze T. Hiemstra syn oersetting yn it Frysk fan it Hollânsktalige artikel ‘*Meertaligheid bij kinderen met een beperking*’ mei de titel ‘*Meartaligens by bern mei in beheining*’. Op ús webstek te finen by ‘Publikaasjes 2012’: [STH12-Meartaligens by bern mei in beheining, 2012.pdf](#)

F. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwyt dy’t wy fan belang achtsje foar (de oerdracht fan) de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Untjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin.

It tal ‘pageviews’ wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378, ein 2008: 5437, ein 2009: 6335, ein 2010: 7070, ein 2011: 8212, ein 2012: 9187 (Ned.: 96%; FS/USA: 1,3%; Dsl.: 1.1%, ferskate oare lannen ûnder de 1%). Sytze T. Hiemstra (sr.) riedt sûnt 2005 foar de ynhâld en Sytze J. Hiemstra (jr.) soarget derfoar dat dy op ús webstee komt. Hiemstra jr. kriget it minimumlean foar syn oeren. It is mear in lytse fergoeding foar in stikje willewurk. De ynhâld fan ús stek wurdt fansels ek op oare wize oanklikt, bgl. fia Google, en dan hawwe wy folle mear besikers. Mar dêr hawwe wy gjin sicht op. Underwilens is der in aardich argyf fan ús op it net te finen. Jo kinne ús net allinnich fine fia www.fryskebeweging.nl, mar sûnt 2010 ek troch it oanklikken fan www.ffu-frl.eu.

It FFU-webstek wurdt geregeld besjoen en rieplachte. It is in effektyf middel om ferwize te kinnen nei alle foar it wurk fan de FFU rillevente ynformaasje. Alle jierferslaggen en ferslaggen fan ús gearkomsten binne fan 2005 ôf oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*.

De FFU is sûnt dit ferslachjier ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, sawol op *Twitter* as op *Facebook*. Lâns dy wei sille wy jimme likegoed op de hichte hâlde fan ús wjerfarren. It is in gaadlik medium om op aktuele saken te reagearjen en de diskusje libben te hâlden. Wy hawwe al oer de hûndert saneamde ‘freonen’.

G. Wetjouwing foar it Frysk

Wat wolle wy?

Wy wolle hjirre nochris koart gearfetsje wat de *Feriening Frysk Underwiis* needsaaklik achtet om it Frysk (yn it ûnderwiis) te hoedzjen en te noedzjen (op ús FFU-webstek sjogge jimme wiidweidiger wat wy krekt wolle en wat wy dêrfoar dogge of dien hawwe):

- 1. It Frysk moat de *earste* taal wurde yn Fryslân yn it hiele ûnderwiisdomein.
- 2. It Frysk moat in *ferplichte* (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en in *ferplichte* ynstruksjetaal (by guon oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal [fuortset] ûnderwiis) en it beropsûnderwiis (mbû en hbû). De foarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moat folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learlingfolch- en toets(ings)systeem.
- 3. De *kearndoelen* en *eksameneasken* foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykweardich wêze oan de kearndoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat by de provinsje Fryslân lizze.

- 4. Op it nivo fan de skoalle as *organisaasje* moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korrespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opskriften, brievepapier ensfh.) Dy ‘sichtberenseask’ moat ien fan de bekostigings- en subsydzjebetingsten wêze.
- 5. De Fryske *learare-opliedings* foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De dosinten/oplieders dy’t it Frysk as *ynstruksjetaal* brûke by oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins).
- 6. De *learmiddels* foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk *yntegraal* in op syn minst *lykweardich plak* jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy *yntegrale learmiddels* moatte ûnderling *systematysk ferlike* wurde op ferskillen en oerienkomsten.
- 7. Alle *ûnderwiisynspekteurs* en *ûnderwiisbegelieders* dy’t (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in foldwaande nivo behearskje en in goede kennis hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins; ferl. ek ús *Oanfalsplan*, noat 66, s. 67-68).
- 8. Nije *ynkommelingen/migranten* yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoane kinne (bgl. troch it op in foldwaande nivo ôflizzen fan noarmearre, falide en betroubere toetsen). Dy taak soe troch de Afûk útfierd wurde kinne.

De ûnderwiiswetjouwing is foar it Frysk lang net tarikkend

Wy binne fan betinken dat de troch Nederlân ûnderskreaune kêsten fan it *Europeesk Hânfêst* folslein en op in effektive en flotte wize ôftwongen wurde moatte. Dat jildt likegoed foar ûnderwiiskêst 8. Mar dat is net foldwaande. Wy wolle fierder gean (sjoch de noat oer kêst 8 hjirûnder). Yn it middelber beropsûnderwiis heart it Frysk bygelyks ek ferplichte te wurden (sj. bgl. kêst 8. d. ii). Sa’n 60% fan de learlingen komt dêr telâne en letter faaks yn in Fryske wurksituaasje. yn ús provinsje. It Frysk heart op dat skoaltype likegoed lykweardich en lykberjochtige oan it (ferplichte) Hollânsk behannele te wurden. **Stypje jo ús by ús stribjen? Wy kinne jo help net misse!**

It bestjoer

Noat

Artikel 8, *Onderwijs (Europeesk Hânfêst: ‘European Charter for Regional or Minority Languages’)*

Met betrekking tot het onderwijs verplichten de Partijen zich ertoe, binnen het grondgebied waar deze talen worden gebruikt, overeenkomstig de situatie van elk van deze talen en zonder afbreuk te doen aan het onderwijs in de officiële taal of talen van de Staat:

- a. *ii.* een **aanmerkelijk** deel van het aan het onderwijs op school voorafgaand onderricht te bieden in de desbetreffende streektalen of talen van minderheden [d.w.s. it Frysk; ûnderskreaun troch Nederlân, mar wurdt net goed útfierd];
- b. *ii.* een **aanmerkelijk** deel van het primair onderwijs te bieden in de desbetreffende streektalen of talen van minderheden [d.w.s. it Frysk; dy ferplichting (!) is troch Nederlân ûnderskreaun, mar wurdt net útfierd en ôftwongen];
- c. *ii.* een **aanmerkelijk** deel van het voortgezet onderwijs te bieden in de desbetreffende streektalen of talen van minderheden [nét troch Nederlân ûnderskreaun; dit kêst hat sterk ús foarkar en jout in goede grûnslach foar it trijetalich ûnderwiis, resp. de trijetalige skoalle, mei in folweardich plak foar likegoed it ferplichte Frysk as it Nederlânsk en it Ingelsk as fak en as ynstruksjetaal]; of
- c. *iii.* binnen het voortgezet onderwijs te voorzien in het onderwijzen van de desbetreffende streektalen of talen van minderheden als *integrerend* deel van het leerplan [wól troch Nederlân ûnderskreaun mar net goed útfierd; liket ús minder gaadlik om ta goed trijetalich ûnderwiis te kommen; liedt oant no ta net ta in trochgeande learline];
- d. *ii.* een **aanmerkelijk** deel van het technisch onderwijs en beroepsonderwijs te bieden in de desbetreffende streektalen of talen van minderheden [d.w.s. it Frysk; nét troch Nederlân ûnderskreaun; is bûtenwenstich wichtich foar de taalbehearsking fan it meartal fan de Fryske learlingen en dus foar de takomst fan it Frysk; **dit kêst hat ús foarkar as basis foar goed trijetalich ûnderwiis**]; of
- d. *iii.* binnen het technisch onderwijs en het beroepsonderwijs te voorzien in het onderwijzen van de desbetreffende streektalen of talen van minderheden als *integrerend* deel van het leerplan [d.w.s. it Frysk; nét troch Nederlân ûnderskreaun; it kêst liket ús *minder gaadlik* as basis foar goed trijetalich beropsûnderwiis];
- e. *ii.* voorzieningen te verschaffen voor de bestudering van deze talen als vak in het universitair of hoger onderwijs [d.w.s. it Frysk; troch Nederlân ûnderskreaun];
- f. *i.* in het kader van volwassenenonderwijs en permanente educatie cursussen te bieden die voornamelijk of geheel in de streektalen of talen van minderheden worden gegeven [d.w.s. it Frysk; troch Nederlân ûnderskreaun];
- g. regelingen te treffen om het onderwijs in de geschiedenis en cultuur die in de streektaal of de taal van een minderheid haar weerspiegeling vindt, te waarborgen [troch Nederlân ûnderskreaun, mar net of net goed útfierd; hjir giet it ús dus om it **ferplichte en foldwaande jaan fan Fryske skiednis yn it basis- en fuortset ûnderwiis**, ynklusyf de kanon fan de skiednis fan Fryslân];
- h. te voorzien in de basisopleiding en bijscholing van docenten die nodig zijn voor de toepassing van die leden uit lid a tot en met g die door de Partij zijn aanvaard [troch Nederlân ûnderskreaun].